

*Sterke novelle 'Bertegrûn'*

# Durk van der Ploeg doart nije

Al jierren dwaande yn it Fryske literatuerwrâldsje is Durk van der Ploeg lang gjin ûnbekende mear. Jierren lyn úteinset as dichter hat er him de lêste tiid mear en mear talein op proaza en dêrtusken troch ek faak warber west op it skôgjende mied.

Troch Riets de Boer

Mei syn novelle Bertegrûn lit er wer sjen dat er net fêst sit oan bewende paden en it oandoart hieltyd wer nije wegen yn te slaan. Om twa redenen kinne jo dit boek in fernijing neame.

Foarst omdat it 'ferhaal' winliken ien lang relaas is, en dan yn 'e foarm fan in monolooch: de haadpersoon fertelt syn omstannichheden as stiet er him sels te besjen yn in spiegel en sprekt er himsels hieltyd ta.

Yn it twadde plak giet it oer in maatskiplik mislearre persoan, dy't neat, mar dan ek neat mear fan himsels, noch fan de oaren ferwachtsje kin. Hoe fierder as jo mei de persoan op stap geane, hoe mear as bliken docht dat it faaljerkant ferkeard ôfrinne moat.

No is Van der Ploeg net de earste dy't yn syn ferhalen in antiheld, in maatskiplik net oanpaste of ferhúdduke figuer nei foaren hellet, mar sa skerp, nafrant as it yn Bertegrûn nei foaren komt, ha ik it yn in Frysk boek net lêzen.

It is dan ek net in fleurich ferhaal dat hjir nei foaren komt. Koart sein giet it om in jongkearel fan 33 jier, dy't oan alle kanten en einen fêstrûn is. Hy hat op 't lêst hielendal gjin hope en fertrouwen mear, net yn de takomst, net yn himsels en net yn syn meiminsken. Hoe't dat sa kommen is, wurdt net troch in psychologysk djip dollend ferslach fêstlein, mar yn in dikke 100 siden, ferparte oer 7 haadstik-




ken dy't it net allegearre gronologysk, mar hinter oer twinter stikje by bytsje opspuie.

De styl is dêrby koart, op it ôfbitene ôf. Trochdat konsekwint yn 'e dofoarm ferteld wurdt, kriget de styl it hastige en jage, dat de

haadpersoon sels ek hat. Hy hat yn it ferhaal gjin namme, wol witte wy de nammen fan syn broer en syn susters mar syn eigen namme wurdt net neamd. Dêrmei komt nammerste mear it lege en útsichtsleaze nei foaren. De flitsen

út syn jongesjierren meitsje dúdlik dat er in neikommerke is, troch mem en de susters bedoarn, troch de âldste broer en de heit strang behandle, omdat er dochts wat wurde moast. Mar noch it learen noch it wurkjen hie syn oandacht.

# wegen yn te slaan



*Durk van der Ploeg*

(Foto: Jannes Faber)

nei har eigen hûs, mar dat is der net mear. It is sloopt. Hy hat de keale flakte besjoen, dy't dêr ûntstien is nei it opheegjen fan it lân. Dêr sil in stik stedsútwreiding komme. As hy har dêroer fertelt, kin se it net befetsje. As sy ferstoarn is, is hy syn lêste hâldfêst kwyt. Syn mem wie ek noch de iennichste bân dy't hy mei de famylje hie. Hy moat it hûs dêr't er wenne út, want hy betelle neat. En dan giet er werom nei de flakte fan syn bertegrûn, klaut yn 'e grûn om en siket it stee, dêr't it hûs stien hat.

Dêr begjint er dan in nij bestean. Hy bout in foech hutte, graaft himsels in kelder: "Yn 'e grûn libbest as in mynwurker. Makkest ûndergrûnske gongen, dyst mei peal- en houtwurk stipest. De grûn bringst by't ammerfol nei boppen. Leist âlde fonneminten bleat fan 'e keamer; de gong, it kelderke. Op 'e fonneminten makkest dyn bekisting, sadat der in hûs ûntstiet lykas it eartiids ek wie . . . Makkest dyn lopen nei de Sosjale Tsjinst en it Arbeidsbureau. De wrâld hat dêr in freonlik gesicht". (s.108, 109).

Mar de stedsfernijing stiet net stil. Syn beskûl wurdt troch machtige masines oantaast. Hy sels wurdt libben begraven. En, symbolysk, nei trije dagen wurdt er út it gat helle.

Hoe't er nei dizze 'opstanding' fierder libje sil, fernijt de histoarje net. Mar dat er sa deun oan de dea komme soe, docht jin as lêzer dan net nij, want as er op in stuit ûnder it hûs krûpt, krije jo as lêzer ek it beklemmende gefoel, dat er dwaande is him libben te begraven.

Lyk as sein, fleurich is it net. Mar it is wol oertsjûgjend beskreaun. De hjoeddeiske maatskippij mei al syn wetten, regels en foarskriften jout gjin romte oan immen dy't him net konformearje kin oan dat alles. En sokken binne der faaks mear as wy biseffe.

*Durk van der Ploeg: Bertegrûn. Utjouwerij Priese Pers Boekery, f 18,90.*

Idealen hie er nea hân, allinne mar it ideaal om yn libben te bliuwen.

Frij woe er wêze, mar dy frijheid waard in mislearring. As er tafallich in learling-ferpleechster moetet en by har ynlûkt, rint ek dat op in mislearring út. Want sy

wol hawwe, dat er him nuttich makket yn 'e maatskippij, dat er de húshâlding docht as sy lette tsjinst of nachtsjinst hat.

Yn it begjin fan it ferhaal is syn mem yn in âldereintehûs, mar sy is dan al tige min. Sy wol wer werom